

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Jesse van Amelsvoort (1992) is as promovendus oan 't wurk by de Ryksuniversiteit Grins/Campus Fryslân, dêr't er ûndersyk docht nei de rol dy't meartalige minderheidstaleskriuwers spylje kinne yn kulturele yn-tegraasje-prosessen.

Mareike Böhmer (1990) studearre Fryske Filology en Skiednis oan 'e Christian-Albrechts-Universiteit te Kiel (2011-2018). Se hat har útlein op 'e stúdzje fan 'e Noard-Fryske literatuer en is no dwaande mei in promoasjeûndersyk nei de 'North Frisian post-war literature'.

David Colmer (1960) is in fan oarsprong Australyske skriuwer en oersetter fan benammen Nederlânske literatuer. Hy fertaalt romans, berne-literatuer en poëzy en hat foar syn wurk ûnderskate oersetprizen wûn, dêrûnder wichtige Australyske en Nederlânske oevreprizen lykas de 'IMPAC Dublin Literary Award' en 'Independent Foreign Fiction Prize' (beide tegearre mei Gerbrand Bakker).

Wilken Engelbrecht (1962) is heechlearaar Nederlânsk oan 'e Palacký-Universiteit Olomouc (Tsjechië) en ekstern heechlearaar Nederlânsk by de KU yn Lublin (Poalen). Hy hâldt him foaral dwaande mei de resepsje fan Nederlânsktalige literatuer yn Tsjechië en Slowakije en hat ferskate literatuerskiednissen op syn namme te stean. Syn proefskrift (2003) en habilitaasje (2005) hiene beide as ûnderwerp de resepsje fan klassike auteurs yn 'e midsiuwen.

Eric Hoekstra (1960) studearre Ingelsk en Algemiene Taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op it proefskrift *Licensing conditions on Phrase Structure*. Hoekstra wie ferbûn oan it Meertens Ynstitút yn Amsterdam en is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Akademy. Dêrnjonken hat er wurke as literêr kritikus, skriuwer en oersetter. Is tsjintwurdich Bibelstudint.

Michele Hutchison (1972) is literêr oersetter út it Nederlânsk en út en troch út it Frânsk wei nei it Ingelsk. Se studearre oan 'e universiteiten fan East Anglia, Cambridge en Lyon en wennet sûnt 2004 yn Amsterdam. Op 't stuit is se dwaande om har kennis fan 'e Fryske taal grutter te meitsjen.

Marja Kingma is sûnt 2011 konservator fan 'e Germanistyske kolleksjes, mei spesjaal omtinken foar de talen dy't yn Nederlân brûkt wurde, oan 'e British Library yn Londen. Se hat ûnderfining mei rjochte-, medisine- en humanioara-bibleteken, en hat de lêste tweintich jier hieltyd Londen as har wurkplak hân. Se wennet yn Kent. Marja Kingma is te folgjen op Twitter @marjakingma, of fia it European Studies Department @BL_European and the European Studies Blog. <http://blogs.bl.uk/european/index.html>

Jelle Krol (1957) droech artikels by oan standertwurken lykas *The Princeton Encyclopedia of Poetry and Poetics* en *Kindlers neues Literatur Lexikon*. Hy is spesjaal ynteressearre yn 'e Fryske literatuer út it tiidrek tusken de beide wrâldoarloppen (Ynterbellum). Hy hat útstallings oer Fryske literatuer gearstald. Op 't stuit wurket Jelle Krol as kolleksjefoarmer foar de moderne talen by Tresoar, it Frysk literêr en histoarysk sintrum yn Ljouwert. jelle.krol@tresoar.nl

Jantsje Post (1963) is berne te Seisbierrum, mar wenne fan 1984 oant 1994 yn Amsterdam en studearre dêr Dútsk en Oersetwittenskip. Sûnt dy tiid wurket se, no yn Winaam wenjend, as freelance oersetster út it Dútsk en it Ingelsk en yn en út it Frysk. Nei it folgjen fan 'e VertalersVakschool fan 2010-2012 set se benammen Dútske literatuer oer.

Reinier Salverda (1948) is gastûndersiker oan 'e Fryske Akademy te Ljouwert en 'Professor of Dutch Language and Literature' oan it University College London. Tegearre mei Eric Hoekstra is er koördinator fan it Frysk Literêr Netwurk.

Johanneke Sytsema is kolleksjefoarmer foar taalkunde, Nederlânsk en Frysk oan 'e Bodleian Library en 'e Taylor Institution Library te Oxford sûnt 2003. Dêrfoar hat se seis jier lang wurke as spesjalist op it mêd fan 'e Fryske taal en kultuer by de Provinsjale Bibleteek (no Tresoar) te Ljouwert. Njonken har krektneamde wurk is se warber as dosint taalkunde foar St Edmund Hall en docht se histoarysk-taalkundich ûndersyk yn Oxford. Har ûndersyksmêden binne Frysk, Aldfrysk, Middelnederlânsk en histoaryske filology. Har proefskrift hie as ûnderwerp Aldfryske en Middeliechsaksyske ferzjes fan 'e 17 Kêsten en 24 Lânrojochten yn 'e Ommelanner rjochtshânskriften.

Cornelie van Uden (1935) is kultuerwittenskipper. Publikaasjes: *De gezusters van Vloten: De vrouwen achter Frederik van Eeden, Willem Witsen en Albert Verwey* (Bert Bakker 2007). Ko-auteur Pieter Stokvis.

Bloemen Mozes: Het leven van Adolph Stein in de marge (1872-1944) (Bert Bakker 2008). Ko-auteur Pieter Stokvis. Yn tarieding by Utjouwerij Wijdemeer, Ljouwert: *Sheherazade van 't neevlig Noorden: Nine van der Schaaf (1882-1973)*.

Wendy Vanselow (1983) studearre oant 2009 Nijere Dútske Literatueren Mediawittenskippen mei as byfakken Ingelsk, Frysk en Kultuermanagement oan 'e Christian-Albrechts-Universität (CAU) te Kiel. Fan 2009 oant 2013 wurke se as taaldosint oan it *Nordfriisk Instituut* yn Bräist/Bredstedt en skreau dêrnjonken in literatuerwittenskiplike dissertaasje, dêr't se yn 2014 op promovearre is. Sûnt 2013 is se as wittenskiplik meiwurker foar it fak Frisistyk ferbûn oan 'e CAU Kiel.

Jabik Veenbaas (1959) is skriuwer, filosoof en oersetter. Hy publisearre sân dichtbondels, trije ferhalebondels en twa boeken mei essees yn it Nederlânsk en yn it Frysk. Hy sette gâns boeken út it Ingelsk, Dútsk en Frysk oer yn it Nederlânsk. Yn 2004 publisearre er *Alles begjint by de dingen / Alles begint bij de dingen*, in seleksje út Theun de Vries syn Fryske gedichten mei oersettings yn it Nederlânsk.

Paul Vincent (1942) studearre te Cambridge en Amsterdam. Nei't er tweintich jier lang Nederlânsk dosearre hie oan 'e University of London waard er yn 1969 full-time oersetter. Sûnt hat er in grut ferskaat oan oersetsette poëzy, non-fiksje en fiksje publisearre. Sa sette er wurk fan Gerrit Achterberg, Hugo Claus, Louis Couperus, Willem Elsschot, C.O. Jellema, Harry Mulisch en oaren oer yn it Ingelsk. Hy is lid fan 'e Maatschappij der Nederlandse Letteren yn Leiden en winner fan 'e 'Reid Prize' foar poëzy-oersettings, de Vondelprijs foar Nederlânsk-Ingelske oersettings en (mei oaren) fan 'e 'Oxford-Weidenfeld Prize'. Op 't stuit is er gastheechlearaar oan it University College Londen.

Abe de Vries (1965) wurket by de Fryske Akademy en docht ûndersyk nei njoggentjinde-iuwske Fryske literatuer en syn resepsje. Foar de maitiid fan 2019 stiet fan him in blomlêzing út it dichtwurk fan Waling Dykstra op priemmen. Fan in tentoanstelling oer dyselde Dykstra yn 2019 foar Lân fan Taal is De Vries gastkonservator. In biografy fan Dykstra is yn tarieding. Yn 2005 krige Abe de Vries de Gysbert Japicxpriis foar syn twadde dichtbondel *In waarm wek altyd* (2004).

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

